

Frysk en Frij: Lytsskalich wurk kin net mist wurde

Wa't Fryske taalpolityk fiere wol, sil útgean moatte fan in pear elemintêre feiten: 1. De maatskippij wurdt hjoeddedei hyltyd grutskaliger, en Fryslân en it tal Fryskpratenden binne dêrneffens net grutter wurden dat makket. 2. Der is wol in aardich sterk Frysk taalbesef en der is ek wol wat berikt foar it Frysk, mar dat jout it Frysk noch gjin echte machtsposysje.

Te gast

tony feitsma

heechlearaar fryske taal- en letterkunde oan de universiteiten fan amsterdam

Op guon punten kin de oerhyd foar it Frysk regelingen meitsje (bygelyks foar it ûnderwiis) en stipe jaan (bygelyks foar literêre produksje yn brede sin), mar op dy en op oare punten kin it net sûnder aktiviteiten en inisjativen fan de basis. De basis kin net sûnder de oerhyd en de oerhyd net sûnder de basis. Sûnder stipe fan de oerhyd wurdt de basis te swak, en sûnder oantrún fan de basis jout de oerhyd it op.

Likemin kin men sizze dat alle punten fan aksje ien foar ien befochten en ynhelle wurde moatte. Sûnder Frysk ûnderwiis is Fryske literatuer ûnmooglik want dan binne der net genôch lêzers -, en sûnder Fryske literatuer is Frysk ûnderwiis net tinkber - want dan is der neat te ûnderwizen -. Dat wy moatte foar it Frysk op alle gebieten tagelyk oan it wurk.

Ungeunstige faktoaren dêrby binne dat ús macht sa lyts is, en dat de tsjinwurdige organisaasjes hyltyd grutskaliger wurde. De minmachtigens fan de Friezen en de lytsens fan it Fryske taalgebiet meitsje de measte Fryske klubs en organisaasjes te lyts om yn de hjoeddeiske „profesjonele” sin „rendabel” te wêzen. No kin men fansels sizze: dat is dan spitich foar it Frysk, mar dat past dan dus net mear yn de moderne tiid, want alles moat no grutskalich wurde.

Mar men kin ek in oar út-gongspunt nimme: it lytsskalige hâldt ek yn ús tiid syn minsklike en sosjale wearde, it krijt troch de hjoeddeiske technyske ûntjouwingen wer nije mooglikheden en it is lang net altyd sa'n ûnpraktyske foarm. Dat betsjut dat wy foar it Frysk ferlet ha fan in eigen oanpak, dy't yn hiel wat opsichten fan de grutskalige organisaasje foarm ferskielt, It lytsskalige wurk oan de basis kin yn de striid foar it Frysk net mist wurde.

At wy sjogge nei de plannen mei Frysk en Frij, dan liket it derop dat Deputearre Steaten eins wat har nocht ha fan dat lytsskalige gepiel oan de basis. Frysk en Frij mei net langer it produkt wêze fan in ploech minsken dy't net allinne mei fakkundigens mar ek mei hert en siel oan har krante wurkje

(ek al smyt it dan finansjeel net it measte foar har op). Nee, it moat nei in „profesjoneel” (lês: kommersjeel en grutskalich) bedriuw lykas de Friese Pers en/of it Friesch Dagblad. Dat soe neffens har better wêze en in hege re kwaliteit garandearje.

It soe wolris krekt oarsom útwurkje kinne. Fansels, sa'n bedriuw kin in planning en in begrutting meitsje dêr't yn stiet dat it „profesjonele” Frysk en Frij nei trije jier bygelyks 10.000 lêzers hat, dat de kwaliteit ferhege wurde sil en folle net genôch. Mar wat bart der at dy 10.000 lêzers nei trije jier net helle wurde en it tal wurdt net heger as de 5.000 fan no? „Profesjoneel” soe de saak dan mislearre wêze, ek al moat it tsjinwurdige tal fan 5.000 abonnees winliken lyksteld wurde mei op syn minst 100.000 abonnees foar in Nederlânsktalich wykblêd, sjoen it tal ynwenners fan Nederlân en fan Fryslân.

En mislearring by in alder earst op winst rjochte kommersjeel bedriuw betsjut opheffing. Foar in ploech minsken dy't in sin hat by in Frysktalich wykblêd leit dat oars. Dy fjochtsje ek by 5.000 abonnees foar har krante. Foar har is Frysk en Frij in doel, foar in kommersjeel bedriuw is it in bysaak, in filiaal dat opheven wurdt at it net genôch mear opsmyt.

Fan kwaliteit besteane hiel wat definysjes, mar by de measte fan dy definysjes sjoch ik net dat in kommersjeel „profesjoneel” bedriuw it op dat stik fan saken better dwaan sil as de tsjinwurdige redaksje en meiwurkers fan Frysk en Frij. Ek hjir wer: foar de tsjinwurdige redaksje stiet Frysk en Frij sintraal, foar in grut bedriuw soe it ien út de mannichte wêze en ien mislearring is foar har net sa slim.

De kwaliteit fan in blêd as Frysk en Frij is nammers net sa'n ienfâldige saak: de krante moat lêsber en oantreklik wêze foar in hiel grut ferskaat fan minsken. Dat is in einhinne it gefal mei it tsjinwurdige Frysk en Frij. Dy stadichoan opboude redaksjonele tradysje soe troch it opheffen fan it blêd en it op 'e nij begjinnen mei wat oars yn gefaar komme. Soks hat men net samar wer, ek net by in grut bedriuw.

Yn dat ferbân is der noch wat. Wy kinne net sûnder warbere minsken oan de basis dy't der in sin by hawwe en dy't der wat foar oer hawwe. Wat no bart, is dat krekt sokke minsken in snútslach krije fan DS út namme fan de grutskaligens, de „profesjonele” en de „kwaliteit”. Alles byinoar is Frysk en Frij in goed rinnend wykblêd. It soe in eare wêze moatte foar Provinsjale Steaten om subsydje te jaan foar selswurksomens oan de basis mei sokke goede riseltaten.

En DS soene har bestjoerlike profesjonele better brûke kinne foar it sa gau en sa goed mooglik befoarderjen fan in bettere ynfolling fan it ûnderwiis yn it Frysk op de skoallen. Dêrmei soene se mear dwaan foar it tal abonnees fan Frysk en Frij as mei de provinsjale befoarderding fan it grutskalige dêr't se no har (en ús) enerzjy oan opofferje.